

# WENARKEN EN WENWEINEN

## bijdrage van Stichting Hattum de Vries

Wêr leine se, wêr stiene se en wa wennen deryn?

Yn de lêste Bakbrogge ha wy op'e tekst west oer de arke op it West, by it brechje.

Mar dat wiene net de ienichste arken yn Aldegea. Minsken wennen faak yn in arke om tichteby harren wurk te wêzen.

Pibe de Jong wie fisker en hy hie in tichtset by de Mjoksgroppe (Monnikengreppel).

Winters leine se mei de arke yn it doarp oan de Gealânswei, njonken de fam. v.d. Ploeg.

Pibe wie dan sa'n winter oan it reidsnijen. Mar by't maityd gie de hiele húshâlding mei de ark nei it Gealân, op it ein fan it Ald-djip (Aldegeaster feart). Hjir wennen hja de hiele simmer, Pibe hie it drok mei fiskjen, fûken, smytlinen en de tichtset. Nei 1 oktober ferhúze de boel wer nei it doarp.

Yn de stjonkhaven, wat no de jachthaven is, lei de arke fan de fam. Looyens. Dit wiene Brabanders en hy wie útfierder yn de ruilferkavelingstiid. Wen-wurkferkear wie net oan de oarder.

Hindrik en Fetsje Jelsma wennen yn in arke oan'e Wide Ie, foar de buorkerij fan de âlders fan Hindrik op Brêgeham. Se ha der in pear jier wenne en ek hjir hie alles syn foar en syn tsjin. Mei in dikke stoarm soe de arke alris losslaan. Lokkich wiene se der op tiid by, oars hie de arke op'e Ie draun. Mar it wie noflik wenjen, fertelde Hindrik, ûnder it iten koene jo troch it iepen finster moai in angeltsje útsmite.

Wie it de bedoeling dat in arke foar altyd lizze bleau of dat er lek wie, dan kaam er op it droege te lizzen. Yn de Jan Durks Polder wenne Pieter Herder yn sa'n arke en letter Leffert en Feye v.d. Bij. Hja hiene dêr buorkerij.

Achter yn de Eastersanning op it Gealân wenne Fokke Wester yn in arkje op it droege. Hy hie ek buorkerij. In heakape mei in skeane weech, dat wie de hiele buorkerij.

Dan wiene der noch spantsjes dy't graach trouwe woene, mar der wie gjin hûs te krijen. In arke wie dan faak in tusken-oplossing.

By it betonbrechje op it West ha wenne:

Folkert en Mine de Jong;

Hindrik en Griet Kasemier;

Anne en Esther de Boer;

Johannes en Sissy de Vries en miskien ek wol Japik en Jantsje Welling, sa net, dan ha se krekt earder op it West wenne. Tusken leanbedriuw Toering en manege Algra wie in opslach. Dit is de ein fan de Geau en wie fanâlds de Westerhaven.

Hjir hawwe in protte 'begjanners' wenne:

Hindrik en Lammie de Jong;

Jelle Vlietstra;

Rinze en Jo van der Wal;

Wietse Bruinsma;

Folkert en Mine de Jong ha hjir ek wenne, net yn in arke, mar yn in snikke.

Letter hat Albert (?) yn dizze snikke wenne.

Dieke Jonker-Algra wit noch goed te fertellen wa't dêr wennen. Hja moast wolris húsvarje.

Ek wist hja te fertellen dat dêr yn de oarloch in frou mei in pear bern wenne hat.

Hja kamen fan Feanwâlden, har man wie oppakt en sy wie hjir, mei har bern, ûnderdûkt.

Rinze en Jo van der Wal hiene al hiel lang ferkearing en woene graach trouwe. Se stiene ek al jierren op'e list foar in hierhûs, mar dy wiene krap. Dêr kaam by, troude minsken giene foar.

Se koene foar it winterskoft in arke hiere fan Westerdyk út Earnewâld.

De arke waard fan Earnewâld nei Aldegea fearn en kaam te lizzen yn de Geau by (no) Toering-Algra.

De hier wie 3 gûne wyks.

Mar it wie allinne foar de winter, want simmerdeis waard de arke ferhierd oan fakânsjeminsken yn Earnewâld. Dat brocht mear op. Dy simmers wie der noch gjin hûs foar har.

Hja kamen by Rinze syn folk yn, op'e Skoallereed. Mar der wie in lytse poppe ûnderweis.

It húske wie krap, meiinnoar wenje koe skoan, mar poppeheine koe dêr eins net.

Jo har beppe, Folkerts' Johanna (de Haan) wie baakster. Dat doe ha hja dêr 2 moanne útfanhuze.

Doe't alles achter de rêch wie, binne hja mei harren dochter Bettie wer nei de Skoallereed set, want in hierhûs wie der noch net.

En dan kinne hja in hûs hiere oan de Eastersanning. Nei 5 jier komt der in krotferklearring op it hûs.

Se keapje it, brekke it ôf en der komt in nij hûs op. Se wenje der noch. Dit ferhaal jout wol oan hoe krap at it huzen-oanbod yn dy tiid is.



*Foto 1: wenarke de Elementair fan Rinze en Jo van der Wal*



*Foto 2: Jo van der Wal*


len fan de lêsten yn Aldegea dy't net oan de fêste wâl wenne, wie Jehannes v.d. Wal.

Hy wenne net yn in arke, mar op in boat. No wennet hy yn in moai hûs oan de Carsjenssingel, mar wurdt noch faak Jehannes boat neamd.

No binne der allinne noch mar rekreaasje-arken yn Aldegea. Lâns de Wolwarren oan de Wide Ie, it Grietmansrak en oan de Krúsdobbe.

Ek stie der noch alris in wenwein yn Aldegea. Meastentiids wennen minsken dêr om deselde reden yn as by de arken. Hiene jo it wurk dan hjir en dan wer dêr, dan wie it maklik en nim hûs, frou en bern mei. Yn de tiid fan de ruilferkaveling hat der in hiel skoft in wenwein stien op it plak wêr't no Ale en Aukje Schonenburg wenje.

Liekele en Sjoerdsje Kuipers wennen yn'e bosk op'e Legauke yn in wenwein. Liekele hie dêr mei syn heit Jan in sângraverij. Doe't it graven yn de Pein dien wie, binne se yn Aldegea kaam te wenjen. Hja namen de wein mei en wennen op it Roundeel, wêr't de fam. Kuipers letter in hûs boud hat (no Tsjalling en Geartsje). Harren wenwein wie earder in tramwagon.



*Foto 3: Liekele en Sjoerdsje Kuipers mei Jan, Auke en Tseard.*

Oan de ein fan de Gariperwei by it betonbrechje (dat der no net mear is) stie de wein fan Mets en Aal. Op'e Opperbuorren wennen Jan Binnes en Rinskje v.d. Wal yn in wein, nêst de pleats fan Rinskje har folk, Jan de Bruin.

Op it Utein, fanôf de Gariperwei it earste húske krekt foarby, lei in tippe grûn. Dêr ha Jan en Hinke Boomsma in skoftsje mei in wenwein stien. Oant hja in hûs krigen.

Op'e Hegewarren ha Roel en Marijke Kooistra lang yn in wein wenne. Op it hiem by de pleats, tichter koene jo net by it wurk wenje.

Hielendal op it ein fan de Hegewarren, op Sitebuorren, wennen Klaas en Sjoukje de Groot yn in wein dy't al folle moderner wie dan de wenwein.

Doe't Klaas syn âldelju nei de Skeane Heawei ferhuzen, binne sy op'e pleats kaam te wenjen.

Harm en Jannie Veenstra ha op'e Achterwei yn in wein wenne. Mar ek dizze wie al folle moderner en wie al lang gjin Pipowein mear.

Achter it Miensker, wêr't no de jachthaven is, stie in wenwein fan in útfierder fan Oosterhof sânwinning. Doe't de man syn wurk hjir dien wie, woe hy de wein wol ferkeapje.

Dat kaam foar Auke en Hinke Kuipers moai út, want hja sochten wenrûmte en ha de wein kocht.

Doe't Auke mei syn heit en mem yn Aldegea kaam, wennen se yn in omboude wagon.

De wein fan Auke en Hinke hie streamend wetter, elektrisiteit en flessegas.

We prate no dus net mear oer in wenwein mar oer in salonwagen!

Mar nei 2 jier fûnen ek hja in hûs nofliker.



*Foto 4: wenwein fan Auke en Hinke Kuipers.*

De lêste bewenners fan in wein, sta-karavan, sille Fokke en Wietske de Jong west ha, njonken harren soan Pibe.

As jim dit lêze, soe it bêst wêze kinne dat jim tinke: 'ja ho ris, dêr en dêr hat ek noch in wein stien of arke lein'. Lit it ús witte, de Hattum de Vries Stichting wol dizze saken ynventarisearje en argifearje. Sadwaande binne wy ek sljocht op fotomateriaal.

*Sytze Bruïnsma*

[sytzeantsje@bruïnsma-mud.nl](mailto:sytzeantsje@bruïnsma-mud.nl)

Yn de foarige Bakbrogge hawwe wy de lêzers frege om foto's. Wy ha in pear krigen, wêr't wy hiel wiis mei binne. Jim binne de foto net kwyt; wy sette him op in 'prikje' en dan krije jim de foto werom.

En wy woene graach witte at der lêzers binne dy't noch mear lis- en steanplakken witte. Ek hjirop ha wy ferskate reaksjes krigen. Op it plak dêr't no Jouke Kooistra wennet, oan de Gariperwei, hat yn de tiid dat Douwe Herder dêr wenne, in wenwein op it hiem stien. Hjir wenne Jan Meints de Vries. De wein fan Klaas en Sjoukje de Groot op Sitebuorren ha wy al neamd, mar nei harren ha Zweitse en Griet Kooistra der in lyts jier yn wenne. En Jacob Slotegraaf hat mei in wenwein stien by Johannes Baukes de Vries op it hiem, no fam. Ybema oan de Heawei. In eintsje fierder oan de Heawei, stiene Jelle en Lize Woudsma mei in wein, by Lize har folk op it hiem. No fam. de Wilde. Hja ha de wein ferkocht oan Gerrit Bron út de Pein. Letter is de wein werom kaam yn Aldegea; no foar rekreaasje op'e Headammen.

Der ha ek noch mear wenarken west. By de Aldegeasterdyksbrêge hat Roel Joukes Kooistra yn in arke wenne. Ek hat dêr in Hoekstra, Roel en Neel, mei in arke lein. Hja binne letter mei harren arkje yn de haven kaam te lizzen. En hjir binne Rones en Fokje de Vries ek yn in arke begûn. Harren soan Willem is hjir yn berne. Wie dat miskien deselde arke as dy fan Hoekstra? Wa wit dat? De arke is nei Earnewâld gien en dêr ha se him op it droege lutsen. Hy lei doe op 'e Aldegeaster kant fan de betonbrêge nei Earnewâld, oan de Manjepetswei.

Yn alle gefallen tige tank foar jim ynformaasje. Wy binne der wiis mei!

*Sytze Bruinsma*